

## Handleiding Toetsen Lêsbegryp

Foar it evaluatearje fan Lêsbegryp binne der trije toetsen lêsbegryp yn it skoaljier: de Starttoets, de Tuskentoets en de Eintoets.



Toetsing fan lêsbegryp Frysk yn it basisûnderwiis begjint yn groep 5 op rrf-nivo A2.1 en giet troch oant en mei groep 8 op nivo B1.2. In toets bestiet út twa teksten mei tegearre sa'n 20 fragen. De toets duorret 30 minuten.

### Mominten foar ôfname:

- *Foar de hjerstfakânsje* wurdt de Starttoets ôfnommen om it lêsnivo fan de learlingen te bepalen. Learlingen meitsje de Starttoets fan it learjier dêr't se yn sitte.
- *Healwei it skoaljier* (nei de krystfakânsje) kin in Tuskentoets ôfnommen wurde. Tuskentoetsen binne fakultatyf en fleksibel yn te setten as ekstra oefening en mjitpunt. Learlingen dy't mear as 80% op de Starttoets skoare, binne klear foar in Tuskentoets fan it folgjende nivo. Learlingen dy't minder as 40% op de Starttoets skoare, kinne foar in optimale learopbringst it bêste oan de gong mei in maklikere Tuskentoets. Jo kinne sa oefening op maat biede en hawwe frijere spylromte foar de ynfolling fan it ûnderdiel lêsbegryp.
- *Nei de maaiefakânsje* wurdt de Eintoets fan dat learjier ôfnommen om de fuortgong yn kaart te bringen. De Starttoets en de Eintoets binne fêste ûnderdielen yn it evaluaasjesysteem en binne tige ferlykber yn nivo.

### De Ynset fan in toets en de keuze foar it nivo:

De A2.1 Starttoets (groep 5) is it ynstapnivo fan lêsbegryp yn it primêr ûnderwiis. De teksten binne geskikt foar learlingen dy't noch net sa lang oefenje mei it technysk lêzen yn it Frysk. De toets bepaald it lêsbegrypsnivo fan de learlingen.

Healwei it skoaljier kin de A2.1 Tuskentoets ôfnommen wurde. Dizze is fakultatyf en oan te rieden as ekstra oefening en mjitpunt.

Learlingen dy't mear as 80% op de A2.1 Starttoets (groep 5) skoare, meie de A2.2 Tuskentoets meitsje.

Tsjin de ein fan groep 5 wurdt de A2.1 Eintoets ôfnommen om de fuortgong fan de learlingen yn kaart te bringen.

Sa is der foar de groepen 6, 7 en 8 ek in starttoets en in eintoets.

As der in tuskenstoets ôfnaam wurd, bepaald de score op de starttoets hokker tuskentoets in bern krijt.

- Bern yn groep 6 – >80% score op de A2.2 Starttoets, dan Tuskentoets B1.1  
 40-80% score op de A2.2 Starttoets, dan de Tuskentoets A2.2  
 <40% score op de A2.2 Starttoets, dan Tuskentoets A2.1
- Bern yn groep 7 – >80% score op de B1.1 Starttoets, dan Tuskentoets B1.2  
 40-80% score op de B1.1 Starttoets, dan de Tuskentoets B1.1  
 <40% score op de B1.1 Starttoets, dan Tuskentoets A2.2
- Bern yn groep 8 – >80% score op de B1.2 Starttoets, dan Tuskentoets B1.2 (of gjin toets  
 mear)  
 40-80% score op de B1.1 Starttoets, dan de Tuskentoets B1.2  
 <40% score op de B1.1 Starttoets, dan Tuskentoets B1.1

De Eintoets wurdt tsjin de ein fan it skoaljier ôfnommen. De toets tsjinnet as einmjitting om de fuortgong fan de learlingen yn kaart te bringen, en is kwa dregens ferlykber mei de Starttoets fan itselde skoaljier. De ferliking van de scores op Start- en eintoets bringt de fuortgong yn byld.